

oarloch & gjin ein



Oekraïne
Gaza
Libanon
Soedan
ensfh..
ensfh..

Po@dium

2025

nr.2

Bennie Huisman



It is no trije jier lyn dat Ruslân mei in grut leger it buorlân Oekraïne yn luts.

Poetin begûn dy oarloch mei mooglik yn 'e achterholle it gloarieuze ferrin fan de lêste jierren fan de Twadde Wrâldoarloch, doe't de Sowjet-Uny mei in oerweldigjende oermacht oan minsken en wapens de Dútsers weromfagen nei harren *Heimat*. No liket it langer op de Earste Wrâldoarloch. Yn de begjindagen fan de ynfal makke ik wat 'dichterlike notysjes' yn myn deiboek - sjoch hjirneist. Dat sloech fansels op Poetin. Mar trije jier letter hat it in ûnferwachte aktuele betsjutting krigen yn relaasje mei Trump. En mei Netanyahu.

Yn reaksje op de ynfal organisearren in tal dichters doe in gearkommen, mei poëzij & foardrachten: *Optrede foar de frede*. Ik die dêr sels ek oan mei, mar notearde ek noch in reaksje der op, dêr't in gefoel fan machteleazens út sprekt. No't ik it weromlê, bliuw ik heakjen by de slotrigel. Dy't ynienen in hiele oare lading kritt troch de massale 'bekearing' fan Elon Musk en syn 'fakgenoaten'. It wurdt aloan dúdliker dat de 'online-werklikheid' foar mear en mear minsken it plak yn nimt fan it sels neitinken. Dat lêste is in

optrede foar de frede
wa hâldt no net
fan frede?

lykwols tink ik soms:
de navo moat optrede
slâ der mar op
jei se werom
nei it Hillige Ruslân
as wie it in game

permaninte tastân fan twifelje, fan dilemma's, fan ôfwegings, fan sykje om ynformaasje, dy't net inkeld it alderearste ûnderbúkgefoel befêstiget, mar dy't dêr ek fraachtekens by set. Dêr binne de algoritmes fan de sosjale media net op ynsteld. Dy befêstigje, om dy net ôfheakje te litten. It binne ferdôvjende middels wurden dêr't de techbazen ûnfoarstelber ryk mei wurde. En sels grutte progressive partijen sitte noch yn de ûntkenningsmodus en tinke dat se net sûnder kinne.

Op de folgjende siden sykje ik nei stimmen dy't reagearren op alle oarlochgeweld yn de foarige ieu. En ûndersykje ik hoe aktueel dy noch binne yn dizze bange tiden.

der stiet altyd
wol wer ien op
in minne jeugd
in kniesde siel
en it gewisse is
yn it ûntwerp
fergetten

lykwols
ûtsûnderlike talinten
foar eigenbelang

meitsje de oar tsjinstber
meitsje se dea
of yn elk gefal benaud

het wijnglas

's Avonds lezen w'in de kranten
hoe het ging die dag aan't front.
Zoveel honderd weer gevallen,
zoveel duizend weer gewond.
Zoveel kind'ren zonder vader,
zoveel moeders zonder kind.
En we vragen wanneer eens toch
dat gemoord een einde vindt?

*Maar des morgens, welk een vreugde,
lezen w'in het ochtendblad,
dat er een banket geweest is
in de een of and're stad.
Waar Lloyd George heeft gedronken
op het welzijn van zijn land,
waar de oorlog werd gewonnen,
met het wijnglas in de hand.*

's Avonds lezen w'in de kranten
weer een schip getorpedeerd,
zoveel mensen uitgevaren,
zoveel maar teruggekeerd.
Zoveel tonnen graan verloren,
zoveel monden zonder brood,
zoveel vrouwen, zoveel kind'ren,
dichter bij de hongerdood.

*Maar des morgens, welk een vreugde,
lezen w'in het ochtendblad
van een rijk en deftig feestmaal
in de één of andere stad.
Waar "der Kaiser" heeft gedronken
op z'n uitgehongerd land
en "den alten Gott" geprezen
met het wijnglas in de hand.*

Elke dag brengt nieuw' ellende,
nieuwe armoe, nieuwe rouw.
Elke dag krijgt ons vertrouwen
in de mensen weer een knauw.
Angstig vragen we hoe lang nog
deze oorlogswaanzin duurt.
Welke afgezant des duivels
deze wereld toch bestuurt?

*Ernstig gaan de diplomaten
naar hun feestmaal en banket.
Satan heeft, aan 't hoofd der tafel,
zich als schenker neergezet.
En hij vult dan met een grijnslach
telkenmale tot de rand
met het rode bloed der volk'ren
't willig wijnglas in de hand.*

(om te beluisteren: klik op de titel)

Het wijnglas is skreaun yn 1918 en is in réaksje op de ferskrikkings fan de 1e wrâldoarloch. Dirk Witte, dy't it liet makke, wie ek mobilisearre en wurke in skoft as ferpleger yn Brabân. Hy trede dêr sels ek wol op, mar syn lieten waarden benammen bekend troch Pisuisse. Ek it bekende *Mens, durf te leven*.

Mar ek dit liet is in klassiker en de opname is makke yn 1994, doe't ik it song yn in VPRO-programma, dat dy jûn gie oer 'oarloch'. Mooglik wie de genocide yn Rwanda doe de oanlieding.

We binne no mear as in ieu en withoefolle oarlogen fierder en it liet is noch altyd aktueel yn de skilderling fan machtsferhâldingen, dieders & slachtoffers. Kin it aktualisearre wurde?

Yn de oerferzy wurde de machthawwers by namme neamd. Omdat dy nammen lettere generaasjes neat mear seinen haw ik doe keazen foar wat algemienere oantsjittings. Mar der is mear mooglik. It earste kûplet kin as we nei Oekraïne sjogge, sa bliuwe. It refrein kin aktueler: foar't we moarns de krante lêze, ha we de bylden al op ús smartphone sjoen. It twadde kûplet ferwiist nei de oarloch op see. Mar torpedo's ha hjoeddei plak makke foar drones en ferneatiging wurdt as it even kin benammen fan grutte ôfstan bestjoerd. De bemannings fan bommewerpers út WO II, oanstjoerd troch '[Bomber Harris](#)', hienen gelok as se libben werom kamen. De útfierders fan 'Bomber Bibi' bliuwe ridlik feilich. Ek it úthongerjen fan de befolking is noch altyd efektyf.

Uteinliks giet it faak om 'grûn'. Fruchtbere grûn, Hillige grûn, *Lebensraum*, om krusiale grûnstoffen. It giet eins noait om minsken, oars as polityk kaptaal. Netanyahu sil alles dwaan om oan de macht te bliuwen. De 'grijnslach' op 'e foto lit witte dat er dêr fan de boppemaster noch wol even mei trochgean mei. Fierder lit er him stjoere troch de religieuze en nasjonalistyske radikalen. En Hamas is net in hier better, al is it wol nei te kommen dat mear as 75 jier ferjeijing, bedriging, beknutting en earmoed it foar jonge Palestynske mannen makliker makket om 'strider' te wurden. En te einigjen as 'martelaar'. Dat lêste foardiel ha de Joadske fanaten dan wer net.

Alles oersjend haw ik in earste bewurking makke fan *Het wijnglas*. Dêryn is plak makke foar de jongste aktuele machtsferhâldings. It kin fêst subtiler. It soe dan ek aardich wêze as kreatieve lêzers oanfolgings of hiele eigen bewurkings oandrage kinne en wolle. Al sil it de wrâld net feroarje.



Elke avond weer een *update*, hoe het ging die dag aan 't front
 Zoveel honderd weer gevallen, zoveel duizend weer gewond
 Zoveel kinderen zonder vader, zoveel moeders zonder kind
 En we vragen wanneer eens toch dat gemoord een einde vindt?
Maar des ochtends, bij het opstaan
wijst de smartphone ons de weg
zie; de beurskoers maar blijft stijgen, olie, wapens en Big Tech
en ze klinken en ze drinken, de ceo's van ieder land
want hun oorlog wordt gewonnen, het juiste aandeel in de hand.

Elke avond nieuwe beelden: een ziekenhuis gebombardeerd
 zoveel mensen die er schuilden, zijn bij leven gecremeerd
 puinhopen vol overlevers, zonder drinken, zonder brood
 vrouwen, kind'ren, oude mensen dicht bij de hongerdood
Maar des ochtends, bij het opstaan,
krijgen w'een pop-up bericht
over een nieuwe nederzetting die die nacht daar is gesticht
iemand spreekt er vrome woorden over Godgegeven land
want hun oorlog wordt gewonnen, heilig boek in schone hand

Elke dag brengt nieuwe ellende, nieuwe doden, nieuwe rouw.
 Elke dag krijgt ons vertrouwen in de mensen weer een knauw.
 Angstig vragen we hoe lang nog,
 deze oorlogswaanzin duurt.


Welk duivels algoritme deze wereld toch bestuurt?
Diplomaten zijn koortsachtig elke dag in overleg
Op de achtergrond, nu zichtbaar,
het grijnzend zootje van Big Tech
Zij bekijken het gespartel en ze nippen van hun wijn
Want zij trekken aan de touwtjes, alle touwtjes online

is M. een god
 die zijn satelieten stuurt
 als engelen van
 eigen goed en kwaad

is M. de god-vader
 die zijn eigen dochter
 om haar twijfel
 laat kruisigen
 het sanhedrin
 algoritmisch aanzet
 tot het opzweepen
 van 'het heilige volk':
 kruisig haar en de haren
 om het ondergraven
 van de godgegeven
 dominantie
 van ons mannen
 en onze heilige pik
 ze moeten hun plek weten:
 het pashokje

we kunnen onze handen
 niet meer wassen
 in onschuld
 we kunnen niet meer
 zeggen

'wir haben es nicht gewußt'



Foar mear relativearjende en filosofyske gedachten en wurden moatte we earne oars wêze. Skriuwer Boris Vian, yn de jierren '50 jazz-trompettist yn de kelders fan Paris, skreau ek chansons. De meast bekende: *Le deserteur*, in oanklacht tsjin de oarloch en it soldatendom. Yn dy tiid einige de oarloch yn Vietnam mei in nederlaach foar de Frânsen en begûn de oarloch yn dy oare koloanje: Algerije.

It liet feroarsake fansels in soad heisa. Nei 't in Gemeenteriedlid yn Parys pleite foar in verbod om it liet út te stjoeren, skreau Vian de folgjende - noch altyd aktuele - reaksje: >>

(fragmenten uit de open brief aan de heer Faber,
gemeenteraadslid van Parijs)

U vroeg aan de prefect van de Seine om een verbod op het uitzenden van het lied. Dat bevestigt, voor wie wil horen, dat er censuur bestaat op de radio. Dit detail is nuttig om weten.

Streed u als oud-strijder voor de vrede of voor uw plezier? Vocht u voor de vrede, wat ik durf te hopen, bestrijdt dan niet iemand die hetzelfde beoogt en beantwoordt deze vraag: als men de oorlog niet aanvecht in vrede, wanneer mag men het dan wel doen?

....

Als sterven voor het vaderland zo goed is, is het toch het beste dat niet iedereen sterft; wat zou het vaderland dan nog zijn? Het vaderland, dat is de grond niet, dat zijn de mensen. Het zijn de soldaten niet, maar de burgers die men beweert te verdedigen – soldaten verlangen overigens niets liever dan vlug weer burger te zijn, wat zou betekenen dat de oorlog voorbij is...

....

Een goede raad: als de radio u niet bevalt, draai dan de knop om, maar laat de mensen zingen en laat ze luisteren naar wat hen lief is...

it betinken as in pynlike moeting mei
de wrede werklikheid fan doe en no, hjoed en alle dagen

hoe fynt ferûntwaardiging in taal
de ûnmacht fan satire, de nutteleazens fan spot
hoe filearje we skamteleazens
hoe litte we ljocht skine oer de glâns
fan achteleaze leagens en bedroch
oer it fuortstreekjen fan minskelibbens

it is pathologysk, seker, mar it is ek wis
dat gjin rjochter oait libbenslang TBS útsprekke sil

I have a dream

Trump, Poetin, Netanyahu, ayatollah Khamenei
en noch in romme seleksje fan oare boeven
meiinoar yn in TBS-klínk opsletten
Grienslân liket my in goede lokaasje
de wittenskip fan al dy kostbere grûnstoffen
- djip ûnder harren, lykwols ûnberikber -
kin terapeutysk wurkje, lykas alle dagen
it ferplicht spyljen fan potsjes Monopoly & Risk
op bordkarton, alle digitale aktiviteit is spitigernôch tabû

(foar Musk is op Robbeneilân noch wol in lege sel)

de bange fraach is
of de wrâld sûnder harren wol

De deserteur

Mijnheer de President
'k Schrijf u een brief bij deze
Die u wellicht zult lezen
Hoewel u mij niet kent
Vanmorgen kwam de post
Mij met uw oproep wekken
Om naar het front te trekken
Als vechter uitgedost
Mijnheer, al bent u groot
U moet het mij vergeven
Maar ik schiet in dit leven
Geen arme and'ren dood
Al stelt het u teleur
'k Heb mijn besluit genomen
Niet naar het front te komen
Ik word een deserteur

Mijn vader stierf als held
Mijn broers zijn eens vertrokken
In fraaie wapenrokken
Ze sneuvelden in 't veld
Mijn moeder hilde lang
Nu ligt ze onder zoden
Daar kan geen bom haar doden
Daar is ze niet meer bang
Toen 'k krijgsgevangen zat
Heeft men mijn vrouw gestolen
Mijn hart, mijn trouw gestolen
En al wat ik bezat
Nu sluit ik morgenvroeg
De deur naar het verleden
'k Ga zwerven door het heden
Want zo is het genoeg

Ik trek van noord naar zuid
Ik trek door zon en regen
Ik loop de mensen tegen
En draag mijn boodschap uit
Negeer het kil bevel
En weiger om te strijden
En weiger om te lijden
Blijf uit die oorlogshel
Mijnheer de President
Waarom ons bloed te vragen
Ga zelf uw leven wagen
Als u zo moedig bent
Nee, ik draag geen geweer
Geef opdracht aan uw heren
Mij niet te arresteren
Knal mij gewoon maar neer

'Po@dium' is een Persoonlijk Digitaal Magazine,
dit is de 2e aflevering van 2025

Reacties zijn altijd welkom: huisman.bennie@gmail.com
Wie op de verstuurlijst wil cq op het toesturen geen prijs stelt:
laat het weten.
www.benniehuisman.nl

Le deserteur is yn withoefolle ta-
len oerset. Dy't hjirboppe stiet is
van Ernst van Altena en waard son-
gen troch Peter Blanker (klik op de
titel om te harkjen). Der is yn de
jierren '70 ek in Frysktalige verzy
makke, troch Pyt-Jon Sikkema.